

Ljouwert, 8 juny 2022

Giet oer : Ynsprekke Steatekommisje Byldfoarmjend
Besuniging Stichting Doarpswurk

**STICHTING
DOARPSWURK**

Buorren 28
9012 DH Raerd
0566 – 62 50 10
info@doarpswurk.frl
www.doarpswurk.frl

doarpswurk
mei elkoar, foar elkoar

Achte leden fan Provinsjale Steaten, foarsitter,

Ik start wat 'oars' dan jo faaks ferwachtsje en wat gebrûklik is om te dwaan, mar mei jo wolnimmen nim ik dochs dizze frijheid.

Ofrûne wike is in goede freon fan my stoarn. In heftich en ympaktfol barren dat ik noch in plak jaan moat. Neist in goede freon wie it foaral in belutsen freon. Belutsen by oaren, belutsen by de bewenners fan syn doarp en altyd ree om him ûnbaatsuchtich yn te setten. Hy wie in echt 'minken-minsk' dy't yn syn libben prachtige dingen realisearre hat foar syn omjouwing. Faak praten wy oer al dy ûnderwerpen en hyltyd wer wie de reade tried yn al dy petearen: minsken hawwe minsken nedich, minsken hawwe sa no en dan in stipe yn 'e rêch nedich, minsken moatte elkoar moetsjen bliuwe om elkoar te inspirearjen, minsken en harren krêft foarmet ús belangrykste kapitaal. Dat moatte we koesterje en omearmje en foaral net loslitte.

Jûn ha ik út namme fan Stichting Doarpswurk de gelegenheid om ús fisy oer de stipestruktuer yn Fryslân ta te ljochtsjen. En dat doch ik graach, mei in protte oertsjûging, omdat ik in ûnferwoestber nut fertrouwen ha yn de krêft fan de mienskip. En mei dêrtroch de oertsjûging ha dat dy mienskip ûnôfhinklik – los fan de oerheid – stipe wurde moat. Lit dat no krekt wêze wat Stichting Doarpswurk (en har rjochtsfoargongers) al mear as 40 jier docht, út leafde foar Fryslân. Foar de mienskip fan moarn.

Dit kolleezje set fol yn op it tema Brede Wolfeart sjoen harren kolleezjeprogramma. We binne grutsk op it feit dat Friezen harsels in 8 jouwe foar harren wolwêzen.



Brede Wolfeart soe gean moatte oer keunst & kultuer, leechdrompelige tagonklikheid fan publike foarsjennings, stipe fan mienskipsinistativen yn brede sin, ynvestearje yn Blue Zones mar ek en foaral, omsjen nei en foar elkoar, de kracht fan de mienskip optimaal benutte. Dat freget om fisy en bestjoerlike lef en moed. Om wat fierder te sjen dan in kolleezjeperioade. En ja, it húshâldboekje moat ek duorsum klopjend bliuwe. Mar binnen dat húshâldboekje kinst kieze en wy ha der ek foarstellen foar oandroegen. Koesterje en omearmje dan ek de keunst en kultuer sektor, koesterje in organisaasje dy't in sûn tsjinlûd en gewicht hearre lit om de belangen fan de natuer & it miljeu te ferdigenjen, koesterje organisaasjes dy't de mienskip en harren protte frijwilligers ûnôfhinklik stypje. Wês grutsk op it feit dat we dizze struktuer yn Fryslân mei elkoar opbouwd hawwe, wêrtroch at der in libben netwurk ûntstien is, weryn't inisjativen groei & bloeie kinne. Koesterje en omearmje sa't myn freon dien hat.

En dus: stypje dêryn de besteande organisaasjes, harren netwurk en alle frijwilligers en daagje harren út om in taakstellende bydrage te leverjen oan de no foarsjoene besunigingsopgaaf en gean it as oerheid foaral net sels dwaan. Schuonmakker, bliuw by dyn leest!

Beslút dat brede wolfeart en de dêrby hearrende leefberens in primêre kearntaak is fan de provinsje, dêr't genôch budzjet bliuwend foar frijmakke wurdt. It no foarlizzende beslút betsjut dat al ús doarpshuzen noch mar tydlik stipe krije kinne yn Fryslân en dy basis is te meager. Dat ymplisearret in kealslach en ik rop de Steateleden dan ek op om dat foar te kommen.. Koesterje en omearmje de stipe-organisaasjes, kulturele ynstellings en oaren dy't harren hjirfoar mei hert & siel ynsette. No en yn de takomst.

Freonlike groetnis,

Theo Andreae
Direkteur stichting Doarpswurk

